

Moetings- en Ynspiraasje op 17 novimber 2018

yn 'De Kiekmure' yn Hurderwyk - ynrin fan ôf 12:30 oere

WURKLIST:

12.30 - 13.00 Ynrin mei kofje en oranjekoeke;

13.00 - 15.00 Pier Bergsma, lêzing : 'It is mei sizzen net te dwaan';

15.00 - 15.30 Skoft;

15.30 - 17.30 Presintaasje fan de skriuwster Alpita de Jong en Eddie van Noort oer it libben en wurk fan Joost Halbertsma;

17.30 - 19.00 Iten foar de oerbliuwers nei de jûn ta;

19.30 oere Toanieljûn fan krite Hurderwyk: Pro Rege

'It is mei sizzen net te dwaan'.

In dit middeisprogramma oer it Frysk besiket Pier Bergsma in oersjoch te jaan fan de hjoeddeiske sitewaasje fan de Fryske taal. Fan de iene kant hat it der nea sa goed foarstien: mei de wetlike ferankering is neat mis. Yn de Steaten wurdt Frysk praat, wy hawwe ús trijetalige skoallen en Frysk is in ferplicht fak yn it ûnderwiis. Mar wa't op de boartersplakken fan ús basisskoallen omrint, heart wat langer wat mear Nederlânsk. Dit komt sa net goed en is dit noch te kearen. It programma wurdt ôfsluten mei it priiswinnende ferhaal "De bok, it gouden aai en de sân ravens".

Pier Bergsma studearre nei de Kweekskoalle Nederlandse Taal en Letterkunde (RUG). Hy wie jierren wurksum as direkteur fan in basisskoalle. Hy skriuwt ferhalen en essays yn De Moanne en kollums. Hy die dat û.o. as fêste ûnder-wiis kollumnist fan it Friesch Dagblad. Op it stuit is er aktyf as bestjoerslid fan De Ried fan de Fryske Beweging.



Presintaasje fan skriuwster Alpita de Jong en Eddie v.d. Noord fan útjouwerij Louise (fan Grou) oer it libben en wurk fan Joost Halbertsma.

Presintaasje oer libben en wurk fan Joost Halbertsma. Eddy van der Noord - utjouwery Louise - 06-54983002.

Hoe't se it yn novimber dwaan sille, dat dogge se yn oerlis mei it bestjoer. Sy wolle wol graach ter plekke de biografy, dy't Alpita dus skreaun hat, ferkeapje. Dit ek noch mei 5 euro koarting foar de Bouns-leden.



YNRIN OM 19:00 OERE - BEGIJNT OM 19:30 OERE:

DE FRYSCHE KRITELID FAN HURDERWYK HAT YN 'DE KIEKMURE' IT TOANIELSELSKIP PRO REGE FAN HOLWERT MEI IT STIK "IN FROU FAN FIIF MILJOEN" FÊSTLEIN.

YNTREE: € 5,00 KRITELID, € 10,00 GJIN KRITELID